

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde
--

Rjochte oan DS / lid DS	Kolleezje fan DS
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	Ein july hat it Europeeske Hôf fan Justysje útsprutsen dat alle genetyske oanpassings oan gewaaksen foldwaan moatte oan de strangste rigels. Dat betsjut dat prosedueres om dit soart fan gewaaksen op'e merk te bringen, lang en kostber wêze sille. Yn de LC fan freed 27 july jout de direkteur fan HZPC, de hear Backx, oan, dat dit bedriuw om dy reden foar feredeling fan gewaaksen útwike sil nei de VS of Azië. It giet om de besteging fan miljoenen euro's en om it ferlies fan heechwaardige wurkplakken.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Is it kolleezje bekind mei de útspraak fan it Europeeske Hôf fan Justysje? 2. Is it kolleezje bekind mei de útspraak fan de hear Backx yn de LC, dat feredeling no (foar in grut part) oerbrocht driget te wurden nei lannen bûten Europa? 3. Wat binne de gefolgen fan it ferplakken fan de feredeling foar de heechwaardige wurkgelegenheid binnen HZPC yn Fryslân? 4. Wat binne de gefolgen fan de útspraak fan it Hôf foar it stribjen nei minder gebrûk fan bestridingsmiddels yn de jierpeltielt? 5. Wat docht it kolleezje om derfoar te soargjen dat der safolle mooglik heechwaardige wurkgelegenheid binnen de HZPC yn Fryslân behâlden bliuwt?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	CDA, Anne Schelhaas Maaïke Prins

Datum	31 juli 2018
-------	--------------